



Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear by Wetterskip Fryslân *Verordening Frysk in het schriftelijke verkeer bij Wetterskip Fryslân*

It Algemien bestjoer fan Wetterskip Fryslân

Het Algemeen bestuur van Wetterskip Fryslân

Oerwagende dat it gebrûk fan de Fryske taal yn it offisjele ferkear troch de bestjoersorganen fan Wetterskip Fryslân stipe wurdt;

Overwegende dat het gebruik van de Friese taal in het officiële verkeer door de bestuursorganen van Wetterskip Fryslân wordt gesteund;

Oerwagende itjinge dat opnommen is yn artikel 59 lid 1 fan de Wetterskipswet oer it foech ta it meitsjen fan oarderingen;

Overwegende hetgeen is opgenomen in artikel 59 lid 1 van de Waterschapswet omtrent de bevoegdheid tot het maken van verordeningen;

Oerwagende itjinge dat opnommen is yn artikel 2:9 lid 1 fan de Algemiene wet bestjoersrjocht oer it foech fan de yn Fryslân ynstelde bestjoersorganen om regels te stellen oer it gebrûk fan de Fryske taal yn skriftlike stiken;

Overwegende hetgeen is opgenomen in artikel 2:9 lid 1 van de Algemene wet bestuursrecht omtrent de bevoegdheid van in Fryslân gevestigde bestuursorganen om regels te stellen over het gebruik van de Friese taal in schriftelijke stukken;

Beslút:

Besluit:

om de hjirnei kommende oardering oangeande it gebrûk fan de Fryske taal yn it skriftlike ferkear mei bestjoersorganen fan Wetterskip Fryslân, fest te stellen:

om de volgende verordening inzake het gebruik van de Friese taal in het schriftelijk verkeer bij Wetterskip Fryslân vast te stellen.

Artikel 1: definysjes

Yn dizze oardering wurdt ferstien ûnder:

- twataligens: kar foar de Nederlânske of de Fryske taal;
- bestjoersorganen: algemien bestjoer, deistich bestjoer en foarsitter
- wetterskip: Wetterskip Fryslân

Artikel 1: definities

In deze verordening wordt verstaan onder:

- *tweetaligheid: keuze voor de Nederlandse of de Friese taal;*
- *bestuursorganen: algemeen bestuur, dagelijks bestuur en de voorzitter;*
- *waterschap: Wetterskip Fryslân*



Artikel 2: berik fan de oardering

1. Dizze oardering regelet it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken fan it wetterskip.
2. Bepalings fan dizze oardering binne fan tapassing op de bestjoersorganen fan Wetterskip Fryslân.

Artikel 2: bereik van de verordening

1. Deze verordening regelt het gebruik van de Friese taal in schriftelijke stukken van het waterschap.
2. De bepalingen van deze verordening zijn van toepassing op de bestuursorganen van Wetterskip Fryslân.

Artikel 3: rjocht fan taalkar

De bestjoersorganen hawwe it rjocht om te kiezen foar it brûken fan de Fryske taal, foar safier't dat rjocht net beheind wurdt troch wetlike bepalingen

Artikel 3: recht van taalkeuze

De bestuursorganen hebben het recht om te kiezen voor het gebruik van de Friese taal, voor zover dat recht niet wordt beperkt door wettelijke bepalingen.

Artikel 4: taalkar

De bestjoersorganen kieze foar it begjinsel fan twataligens.

Artikel 4: taalkeuze

De bestuursorganen kiezen voor het beginsel van tweetaligheid.

Artikel 5: kritearia taalkar

By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken hâlden mei:

- a. de taalkarkritearia sa 't dy dellein binnen yn artikel 2:10 fan de Algemiene wet bestjoersrjocht;
- b. it belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is (folgjend taalbeleid);
- c. de kontinuïteit fan de taalkar;
- d. de bestimming fan de dokuminten;
- e. de konsiderâns fan ôfdieling 2.2 fan de Algemiene wet bestjoersrjocht: "groter gewicht toe te kennen aan de beginselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Fryslân."

Artikel 5: criteria taalkeuze

Bij de taalkeuze wordt in ieder geval rekening gehouden met:

- a. *de taalkeuzecriteria zoals die zijn opgenomen in artikel 2:10 van de Algemene wet bestuursrecht;*
- b. *het belang om dezelfde taal te gebruiken als waarin het bestuursorgaan is aangeschreven (volgend taalbeleid);*
- c. *de continuïteit van de taalkeuze;*
- d. *de bestemming van de schriftelijke stukken;*
- e. *de considerans van de afdeling 2.2 van de Algemene wet bestuursrecht: "groter gewicht toe te kennen aan de beginselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Fryslân."*

Artikel 6: oersetregeling

1. Is in dokumint troch in bestjoersorgaan fan Wetterskip Fryslân yn de Fryske taal steld, dan jout it bestjoersorgaan op fersyk fergees in Nederlânsktalige oersetting.
2. Untstean der troch de oersetting ynterpretaasjeferskillen, dan jout de oarspronklike (Fryske) tekst de trochslach;

Artikel 6: vertalingsregeling

1. *Indien een schriftelijk stuk door een bestuursorgaan van Wetterskip Fryslân in de Friese taal is gesteld, geeft het bestuursorgaan hiervan desgevraagd een gratis vertaling in het Nederlands.*
2. *Ontstaan er door de vertaling interpretatieverschillen dan prevaleert de oorspronkelijke (Friese) tekst.*

Artikel 7: ridlikheidsklausule

Yn bysûndere omstannichheden wêrby't de tapassing fan dizze oardering nei de miening fan in bestjoersorgaan op ûnridlikens útdraait kin it bestjoersorgaan motivearre ôfwike fan it bepaalde yn 'e oardering.

Artikel 7: redelijkheidsclausule

In bijzondere omstandigheden waarbij de toepassing van deze verordening naar de mening van een bestuursorgaan tot onbillijkheid leidt, kan het bestuursorgaan gemotiveerd afwijken van het bepaalde in deze verordening.

Artikel 8: slotbepalings

1. Dizze oardering giet yn op de dei fan publikaasje.
2. Dizze oardering kin oanhelle wurde as "Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear by Wetterskip Fryslân.

Artikel 8: slotbepalingen

1. *Deze verordening treedt in werking met ingang van de dag van de bekendmaking.*
2. *Deze verordening kan worden aangehaald als "Verordening Fries in het schriftelijke verkeer bij Wetterskip Fryslân".*

Fêststeld troch it algemien bestjoer fan Wetterskip Fryslân yn syn gearkomste fan 23 maart 2010
Aldus vastgesteld door het algemeen bestuur van Wetterskip Fryslân in zijn vergadering van 23 maart 2010.

Ir. P.A.E. van Erkelens

Dykgraaf
Dijkgraaf

Drs. M.M. van Akkeren RC.

Siktarisdirekteur
Secretarisdirecteur